

**Liturgjy foar de tredde snein fan Peasken
Misericordia- Goede Hoeder**

Inoar ta hoeder wêze

Betinking fan Oarloch en Befrijing



**Deinum, 1 mei 2022
Oargelist: Lucas Wiersema
Foargonger: Harrie Strubbe**

**Lector: Baukje Fortuin
Douwe Gerbens en Johannes Sybrandi**

-Oargelmusyk

-Wurd fan wolkom en meidielings

-Introïtus: Psalm 33: 1 en 3

-V. : De Libbene wês mei jimme!

-Gem.: Syn Geast wês ek mei jo.

-V. : Us helper is de Iviche,

-Gem.: Skepper fan himel en ierde.

-V. : Ferrizen Hear, Jo binne ús al fier foarút,
Wy reitsje no al efterop.

-Gem.: Kom ús temjitte mei jo genede. Amen

-Liet 272: 1 en 2

-Kyrie, mei liet 301k (1 vrouwen, 2 mannen)

-Gloria: Liet 865: 2 en 3

-Gebed fan 's snein

-Evangelielêzing: Johannes 21: 1-17

Dêrnei iepenbiere Jezus him wer oan 'e learlingen by de mar fan Tiberias; en Hy iepenbiere him sa.

Byninoar wiene Simon Petrus en Thomas, neamd Didymus, Nathanaël út Kana, de soannen fan Sebedeus en twa oaren fan syn learlingen.

Simon Petrus seit tsjin harren: "Ik gean te fiskjen." Hja seine tsjin him: "Wy geane ek mei." Hja setten ôf en stapten yn it skip; en dy nachts fongen se neat.

Doe't no al moarntiid wurden wie, stie Jezus op 'e wâl; syn learlingen wisten lykwols net, dat is Jezus wie.

Jezus dan sei tsjin harren: "Bern, hawwe jimme net wat byspul?" Hja antwurden Him: "Nee".

Hy no sei tsjin harren: "Smyt it net út oan 'e rjochterkant fan it skip en jimme sille fine." Doe smieten se it út en koene it net yn helje troch de fleet fisken.

Dan seit de learling, dêr't Jezus fan hâlde, tsjin Petrus: "It is de Hear!" Doe't Simon Petrus dat hearde, dat it de Hear wie, sloech er it boppekleed om, want hy hie gjin klearen oan en sprong yn 'e mar.

De oare learlingen kamen mei it skip, want hja wiene net fier fan it lân ôf, mar sa'n twahûndert jellen, en hja slepten it net mei de fisken.

Doe't se no oan lân kommen wiene, seagen se in koalefjoer mei fisk derop lizzen, en ek brea.

Jezus seit tsjin harren: "Bring fan 'e fisken, dy't jimme sakrekt fongen hawwe."

Simon Petrus gong oan board en loek it net op it lân, fol grutte fisken, hûndert trijeënfiftich; en al wiene der sa'n soad, it net skuorde net.

Jezus seit tsjin harren: "Kom te brea-iten!" En gjinien fan 'e learlingen doarst Him freegje: "Wa binne Jo?" Want se wisten dat it de Hear wie.

Jezus komt, nimt it brea en jout it harren, en de fisk allyksa. Dat wie al de tredde kear, dat Jezus Him oan 'e learlingen iepenbiere, nei't Er út 'e deaden opwekke wie.

Doe't hja dan brea-iten hiene, seit Jezus tsjin Simon Petrus: "Simon, soan fan Johannes, hasto my leaf, mear as dizzen hjir?" Hy seit tsjin Him: "Ja, Hear, Jo witte dat ik fan ja hâld." Hy seit tsjin him: "Weidzje myn lamkes!"

Hy seit foar de twadde kears tsjin him: ‘Simon, soan fan Johannes, hasto my leaf?’ Hy seit tsjin Him: “Ja Hear, Jo witte dat ik fan jo hâld.” Hy seit tsjin him: “Hoedzje myn skiep!” Foar de tredde kears seit Er tsjin him: “Simon, soan fan Johannes, hâldsto fan My?” Petrus waard drôvich, om’t Hy foar de tredde kears tsjin him sei: “Hâldsto fan My?” En hu seit tsjin Him: “Hear, Jo witte alle dingen, Jo witte dat ik fan Jo hâld”. Jezus seit tsjin him: “Weidzje myn skiep!”

-Liet 649: 1, 3, 5 en 7

-Douwe Gerbens yn petear mei Johannes Sybrandi oer:

Marcel Leiser (alias Jaap van der Loo), Joadske ûnderdûker ,op Stienwyk, oan ‘e Heechhiemsreed

-We luisteren en kijken naar Stef Bos: "Daarom zijn wij vrij"

*Omdat er ooit een was die een luchtkasteel wou bouwen
in een land waar het verboden was te dromen
en toch voorbij de wolken is gevlogen,
omdat er ooit een vrouw was die de wereld om zich heen zag
in een tijd van oorlog en van waanzin
en haar ogen niet kon sluiten voor geweld en onderdrukking*

*Daarom zijn wij vrij, vrij om te bewegen,
Vrij om zelf te kiezen waarvoor wij willen leven
Vrij om weg te gaan, vrij om hier te blijven
Vrij om wat dan ook te zeggen of te schrijven,
Door mensen zoals zij, daarom zijn wij vrij.*

*Omdat er ooit een tijd was waarin een kind door naam en kleur
en ras zijn leven niet meer zeker was
en omdat er mensen waren die op gevaar voor eigen leven
toen niet hebben gezwegen
daarom zijn wij vrij..*

*Carl Ossietsky, Jan Campert, Victor Jara,
Channa Tervoort, Steve Biko, Ken Saro Wiwa
De soldaten op het strand van Juno, God en Utah
door mensen zoals zij....*

Verzet begint niet met grote woorden
maar met kleine daden
zoals storm met zacht geritsel in de tuin
of de kat die de kolder in zijn kop krijgt.
Zoals brede rivieren
met een kleine bron
verscholen in het woud.
Zoals een vuurzee
met dezelfde lucifer
die een sigaret aansteekt.
Zoals liefde met een blik
een aanraking, iets dat je opvalt in een stem.
Jezelf een vraag stellen
daarmee begint verzet.
En dan zie vraag aan een ander stellen

Daarom zijn wij vrij....

*Vrij om weg te dromen, naar kastelen in de lucht
waar de vrijheid van de een niet de ander onderdrukt
vrij om te geloven, vrij om te vertrouwen
dat je ooit op de ruines weer een nieuwe stad kan bouwen*

-Overdenking

-Oargelmusyk

-Liet 1010: 1, 2 en 4

-Foarbeaen, stil gebed, Us Heit

Us Heit yn 'e himel
lit Jo Namme hillige wurde,
lit jo keninkryk komme,
lit jo wil dien wurde op ierde
likegoed as yn 'e himel.
Jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou ús ús skulden
sa't ek wy ús skuldners ferjûn ha.
En lit ús net yn fersiking komme
mar ferlos ús fan 'e kweade.
Want Jowes is it keninkryk en de krêft
en de hearlikheid oant yn ivichheid. Amen

-Toelichting bij het collectiedoel van de zondag

-Liet 1016

-Heenzending en zegen

*De Libbene sil mei dy gean, foar dy út,
As in ljocht yn dyn eagen,
Als in lampe foar dyn foet,
as beaken by ûntiid,
as fierte dy't wint,
as stim dy't útdaget
wurd dat foargiet.
Sa silsto seinigje wêze en ta seine wêze
Yn 'e Namme fan 'e Heit, Soan en hillige Geast*

-Gem: Liet 425

-Oargelmusyk

